

# Leauwe

wurden en wize: Doede Veeman

guon minsken leauwe dat de ierde plat is  
of dat der earne ien of oare god is  
dy't fan boppe alles sjocht  
wat it minsdom sa al docht  
mar sa te leauwen makket minsken banger  
en harren teannen wurde hyltyd langer  
seist in kear: och hear och hear  
docht dat harren al wer sear

Em C B D  
G Em A D  
Em G A  
Em G A  
Em C B D  
G Em A D  
Em G A  
C D Em

*kearsang:*

*ik leau dat ik altyd by dy bliuw*  
*ik leau dat ik altyd yn dy leau*  
*leauwen heart der by*  
*as bûter yn de brij*  
*ik leau yn dy en my*

G D  
C B  
C  
G  
Am B Em

foar't leauwen jilde goddelike wetten  
sels tinke wurdt al rillegau fergetten  
alles moat sa as it heart  
al it oare dat mei net  
bang wêze foar wat oaren der fan fine  
lang lêze oer de helske disipline  
libbest lijdsum yn 'e lear  
dan bisto dysels net mear

*kearsang:*

ast leaust dan kinst dyn twifels efterlitte  
ast leaust dan wurdt it leauwen seker witten  
dan hasto altyd gelyk  
ek al is it noch sa bryk  
dyn god helpt dy dyn buorman te bekearen  
syn god helpt him om dy de les te learen  
sa hat elk syn eigen god  
alle oaren kin kapot!

*kearsang:*